De eerste prijs ging naar de gebroeders Adema zij hadden een totale lengte aan snoekbaars van 182 centimeter, de 2e plaats was Hendrik de Jager en Taco Velstra en de derde prijs ging naar Age Tjalma en Klaas Hijlkema. De prijs voor de grootste snoekbaars 67 centimeter ging naar Rijk. De prijs voor de bijvangst was voor Lieuwe Tilma met een snoek van 93 centimeter. De poedelprijzen gingen naar Chris en Richard. Daarna was het weer tijd voor het diner, Sjoukje had weer heerlijke stamppot boerenkool en snert gemaakt.



Wij willen iedereen weer bedanken voor deze mooie visdag. Lijkt het jullie leuk om mee te doen, schroom niet en geef je dan net zoals vader en zoon Lageveen op voor volgend jaar.

De viscommissie,

Entûsjasme oer foarstelling De saak De Haan

FIER Theatergroep

Op sneon 19 oktober wiene der sa'n 60 minsken yn it Friesch transportmuseum (by Jouke van der Werff) dy't hearden en seagen wat we fan plan binne mei ús nije stik De saak De Haan. En rom 50 dêrfan ha harren fuort al opjûn as spiler, sjonger of frijwilliger!

Wêr't it stik oer giet? Oer in hoanne en wat oare bisten, in ridende rjochter en in protte minsken dy't spul hawwe. Eigentlik einiget it stik dêr't it ferneamde boek Animal Farm fan George Orwell begjint.

Under lieding fan Janneke de Haan en Willy van Assen wurdt yn in pear wykeinen wurke oan de foarstelling, wêryn't Peter Sijbenga in part fan de teksten skriuwe sil.

It moaie hjiroan is, dat de foarstelling mei-inoar makke wurdt en de spilers ek har eigen ynbring hawwe yn it ta stân kommen fan it stik.

De muzyk en de lietteksten fan it koar wurde oppakt troch Sytse Broersma.

De minsken dy't der op 19 oktober wienen, lieten entûsjast witte dat se der in protte nocht oan hawwe. Koesto net by de ynformaasjemoarn wêze, mar wolst ek meispylje, meisjonge of meihelpe? Stjoer dan in mail mei dyn namme en tillefoannûmer nei info@theatergroepfier.nl!

De Silkedei: útsliepe is der net by!

troch Janet Wijnstra

Yn dizze rubryk meitsje we kennis mei bern út Reduzum, Friens, Idaerd as Eagum. We stelle in oantal fragen oer it libben, tinkwizen en ferwachtingen.
Dizze kear is Silke Postma oan de beurt. Silke wennet op de Haedstrjitte yn Reduzum en is 13 jier.

Mei wa wennest hjir?
Mei myn heit Alfred, mem Nynke en twa sussen, de middelste hjit Doutsen en de âldste Femke. It is gesellich mei trije froulju, se binne soms yn bytsje chagrijnig mar ja dat heart der by. Sels bin ik eins altyd bliid. Einliks ha ik noait problemen, hjir thûs sowieso net. Ik stean der altyd wol redelijk nuchter yn.

Yn welke klasse siststo?
Ik sit yn VMBO 1B en dat is eigenlik de 2e klasse. Op myn skoalle Lyndensteyn yn Beetstersweach dogge we oer it VMBO 5 jier. Dit omdat we noch wol sitte mei refalidaasje. Revalidatie Fryslân sit d'r oan fêst mei fysioterapy en dan misse we noch wolris in les. Sa kinne we der ien jier langer oer dwaan en dan helje we it faaks wol. Derom dogge we VMBO 1 yn twa delen.
It is by ús krekt as in gewoane skoalle. It grutste ferskil is dat de dosinten fan lokaal feroarje en wy yn itselde lokaal bliuwe.

Wat fynsto de leukste dei fan de wike?
Freed, dat is it begjin fan it wykein. Dan mei ik sels itensiede hjir thús. Skoalle is dan efkes foar twa dagen klear en ik mei lekker opbliuwe. Dan sitte we hjir altyd gesellich en sjogge we tillefyzje.
Itensiede fyn ik leuk. Ik fyn hiel folle leuk om klear te meitsjen, Meksikaanse gerjochten fyn ik it leukst en ek hiel lekker.

Hoe soe dyn moaiste dei der útsjen?
Wol redelijk betiid opstean want ik ha in folle planning. Earst lekker ontbijte mei de pannenkoeken fan myn Heit want dy fyn ik hiel lekker. Dêrnei soe ik lâns alle kuorbalwedstriden fan myn famylje gean. Iderien supporterje want dat fyn ik hiel leuk. Dan ek noch mei de famyje lunche en dan mei myn freondinnen ôfprate en dan sjoppe en ek út iten mei myn freondinnen. As lêste chille en mei myn famylje foar de bondgenoten sitte.

Asto de baas bist fan de wrâld, wat soest dan feroarje?
Ik soe feroarje dat earst minsken ris netsjes mei-inoar prate foardat se allegear bommen nei-inoar gean stjoeren of mei-inoar gean fechten. Earst mei-inoar oan tafel gean sitten om in oplossing te finen yn plak fan minsken del te sjitten, minsken ûntfoere en dat soarte fan dingen. Dat is net sa goed giet merk ik yn de wrâld dat ik soms wol ris tink fan jonges kom op jim kinne ek wol even mei-inoar prate en net gelyk allegear wapens brûke.



Wat dochsto oer 10 jier?
Ik hoop dat ik dan grafisch vormgever as baan doch. Yn in moai frijsteand hûs wenje mei hiel folle bisten om my hinne en gewoan in leuk leven. Ik hoop ek dan in vriend te hawwen, gewoan in gelukkich leven. In bytsje fan it leven genietsje.

(advertentie)









(advertentie)



T. Velstra hovenier
TUINONDERHOUD– TUINAALEG – TUINADVIES
Mail: info@hoveniervelstra.nl – tel: 06 180 666 04

Interview met Denise de Jong,
auteur van het kinderprentenboek 'Bram op spierballenjacht'

Na het uitkomen van haar eerste boek heeft Denise ons bijgepraat over hoe dit mooie en inspirerende boek tot stand gekomen is.

Bram op spierballenjacht neemt jonge lezers mee
op een avontuur
waarin Bram de Beer, samen met Muis, Mol en Vos,
op zoek gaat naar spierballen. Tijdens hun
zoektocht stuiten ze op een obstakel dat hen
dwingt om samen te werken. Zullen ze sterk genoeg
zijn om
het obstakel te overwinnen en spierballen te vinden?

Met rijmende zinnen en pastelkleurige illustraties
wordt
een hartverwarmende boodschap overgebracht:
ware kracht
schuilt niet in uiterlijke spierballen, maar in de
vriendschap
en het samenzijn met anderen.
Denise

Hoe kwam je op het idee voor dit boek?
Denise: 'Ik werk in de kinderopvang en ben daarnaast student Logopedie. Ik merk tijdens mijn werk en de studie dat kinderen op zoek zijn naar 'krachten': waar ben ik sterk in? en dacht 'hier moet ik wat mee.' Ik heb het idee en een kort verhaal naar een uitgever gestuurd met de reden waarom ik hiertoe gekomen ben. De uitgever vond het een goed idee. We hebben er gesprekken over gevoerd en ik heb aangegeven welke boodschap ik met dit boek wil uitbrengen: wat moet het voor kinderen en ouders betekenen?'

Hoe ben je in contact gekomen met de illustratrice?
'Ik heb een berichtje op Facebook geplaatst en kreeg daarop veel reacties. Toen ik de reactie, met tekeningen, van Hanneke Louwerse zag, dacht ik 'Dit is het!' Het paste precies bij mijn ideeën voor het boek. We hebben er samen ongeveer een jaar aan gewerkt. Ik heb de teksten geschreven, Hanneke heeft de illustraties getekend en beide hebben we weer dingen aangepast. We vulden elkaar aan; het was echt teamwork. Daarnaast hadden we ook overleg met de uitgever.
Hanneke is intussen bezig met een tweede boek.'

En hoe heb je een uitgever gevonden?
'Ik heb online gezocht naar een uitgever en contact gelegd. Zo'n uitgever investeert ook in je en dat is leerzaam: hoe maak je een 'product'.

Waarom dit boek met deze titel?
'Zo'n boek was er nog niet. Elk kind heeft eigen kwaliteiten; je kan zelf heel veel, maar je kunt ook iets met elkaar doen, kennis delen en van elkaar leren. Het boek gaat niet specifiek over één kind, maar ik heb wel ideeën gehaald uit wat kinderen zeggen en doen. Het verhaal is fantasie. Het was een proces van schrijven, laten liggen, iets verwijderen, een andere kant op gaan en zo tot een eindresultaat komen.
Bram is de beer, die op zoek is naar spierballen. Hoe?? Dat lees je in het boek!'



Het boek is uitgekomen op dierendag, 4 oktober, in de Kinderboekenweek.
Het wordt gedrukt op aanvraag; te bestellen bij Bruna, Primera of Bol.com.

Probeer je met het boek ook kinderen te interesseren voor lezen?
'Lezen is heel belangrijk. Het boek is geschreven voor peuters en kleuters, maar het is niet persé leeftijdsgebonden. Door het kinderen voor te lezen op de leeftijd van 3,4 jaar neem je ze mee in het verhaal. Later, als ze wat ouder zijn, kunnen ze het zelf lezen. Het zou ook leuk zijn, om het op school, in groep 1 voor te lezen.'

Heb je al reacties op het boek gehad?
'Ja, positieve reacties uit mijn omgeving!'
. . en heb je al ideeën voor een volgend boek?:
'Nee, eerst maar even genieten en later maar weer kijken'.

Je woont in Idaerd; hoe ben je hier terecht gekomen?
'Ik ben 23 jaar geleden geboren in Wergea en daar ook opgegroeid. Ik heb even in Leeuwarden gewoond en wilde graag in de stad blijven wonen, maar ben ik vorig jaar bij mijn vriend, Jurjen Dijkstra, ingetrokken, die hier al een aantal jaren woont. Nu bevalt de rust me hier toch goed.'

Wat voor werk en/of studie doe je?
'Na de MBO-opleiding pedagogisch medewerker op de Friese Poort heb ik een baan gevonden bij kinderopvang 'Sinne' in Leeuwarden en als gastouder bij gezinnen, waarvan de ouders in de zorg werken. Daarnaast doe ik de HBO-opleiding Logopedie: 1 dag per week op Windesheim in Zwolle en 2 dagen stagelopen bij de taaltrein Kentalis in Leeuwarden. Samen met mijn collega's begeleid ik kinderen van 3 – 5 jaar met een vermoeden van een taalontwikkelingsstoornis. Door middel van individuele- en groepsbehandeling proberen we de communicatieve zelfredzaamheid te vergroten. Kinderen worden hiernaar verwezen via het audiologisch centrum.
Momenteel zit ik in het derde jaar van de opleiding, die vier jaar duurt.'

Hoe is het schrijven ontstaan: als hobby of als werk?
'Het is een hobby, die voortkwam uit mijn werk.'
Als logopedistestudent en pedagogisch medewerker heeft Denise dit prentenboek geschreven met als doe de taalontwikkeling van het jonge kind te stimuleren en
positieve sociale vaardigheden te benadrukken.


Denise & Jurjen

Haar keuze voor het onderwerp spierballen komt voort uit de wens om een actueel en boeiend thema te bieden dat de aandacht van jonge kinderen trekt.

Want zeg nu zelf: wie is er nu niet geïnteresseerd in spierballen?
Bram wil sterk zijn.
Daarom besluit hij op spierballenjacht te gaan.
Wat hij onderweg ontdekt zal je verrassen!

Geesje Oosterloo en Jantsje Kalsbeek

Idaerd

Nije wente yn Idaerd?

It hûs dêr't foarhinne famylje Hofstra wenne hat in metamorfoaze ûndergien!
Jelco en Valentine binne radikaal mei wite ferve oan 'e slach gien. It liket in hiel oar hûs no. In goed slagge





Ik ben Kaan, 25 jaar oud.

Ik woon momenteel bij Janny Veenstra aan de Buorren in Idaerd. Ik ben statushouder. Vroeger (zo'n 5 weken terug) woonde ik in Sint Annaparochie , in het AZC. Ik kom uit Turkije, echter mijn afkomst is Koerdisch. Ik volg een opleiding als helpende Zorg en Welzijn bij Firda.

En ik loop stage bij Netwerk Centrum De Opstap. Ik vind het leuk om iemand te ondersteunen. In de toekomst wil ik graag verpleegkundige VeVa worden. Ik ga binnenkort naar Leeuwarden verhuizen.

(advertentie)

Idaerd • 06 - 20 62 55 31
BOELE DE VRIES
DIENSTVERLENING
Gewasbescherming • Onderhoud • Reparatie • Constructiewerk

Mobiele airco service aan motor-voertuigen
STEK Gecertificeerd
Ook kunt u bij ons terecht voor het Inbouwen en leveren van:
- Standkachels
- Carkits
- Alarm systemen
- Audio apparatuur
- Navigatie

ATF
Airco Techniek Friesland
Tel. 06 22 97 86 95

Bernefertier kinderopvang
Over Bernefertier
Een vertrouwde, fijne en veilige plek voor kinderen om te spelen. "Bernefertier" biedt meerdere vormen van kinderopvang aan, zodat uw kind van 0 tot 13 jaar op één plek opgevangen kan worden.
"Bernefertier" biedt dagopvang, voor- tussen- en naschoolse opvang en vakantieopvang!
"Meer aandacht voor het individuele kind"
Openingstijden
Maandag: 14.00u - 18.00u*
Dinsdag t/m vrijdag: 07.00u - 18.00u
Zaterdag & zondag: Gesloten
*m.u.v. schoolvakanties en incidentele opvang (07.00u - 18.00u)
Verruiming van openingstijden in overleg mogelijk!
Contact
Kinderopvang 'Bernefertier'
Haven 15
9008 SX, Reduzum
Tel. nr.: 0566-842237
Mob. nr: 06-53319428
info@bernefertier.nl
www.bernefertier.nl

ATW. FRIENS
Melktechniek • Stalinrichting • Vijzels • Silo's
Arjen van Balen
9009XC FRIENS
Beslingadyk 4
Mobiel: 06 – 54341080
- Melkmachines – Nieuw en tweedehands
- Doormeten van uw melkmachine door erkende "KOM" monteurs
- Stalinrichting, koe matrassen, mest scheider, mestschuiven, drinkbakken, verlichting, vijzels, silo's, minimelkers etc.

DAIRYMASTER
Website: www.atwagri.nl • Email: info@atwfriens.nl

QlubbRED

Jubileumfeest

Poe poe, wat in jubileumfeest ha we hân! Mei wol hast 50 bern ha wy dit mei in 'glow in the dark, silent disco' feest fierd! Mei op de headsets 3 ferskate stjoerders wie der foar eltsenien wat wils. De bern koenen by it feestje ek glow in the dark smink krije, sadat de outfits hielendal fantastysk wienen! Under de blauwe lampen hie dat in supercool effekt! Ek tusken it dûnsjen troch koenen de bern efkes oplade mei wat drinken en in lekkere bitterbal. Tige tank dat jimme der allegearre wienen!

Foar novimber stiet der ek wer in supertoffe aktiviteit op de planning nammentlik..... LASERGAMEN!

Freed 22 novimber sille we wer mei de bern fan groep 6 o/m klasse 2 nei It Hearrenfean om te sjen hokker team de beste taktiken hat, it rapste drave kin, mar foaral wa't de measten fan it oare team ôfsjitte kin! Opjaan kin oant 15 novimber en FOL=FOL!!

Fia de mail krije jim in opjeftebrief en de fraach wa't ride wol. Gjin berjocht hân, mar wol mei wolle? Mail ús foaral: qlubbred@gmail.com.

Jim wolle fansels neat misse wat betreft feestjes en aktiviteiten fan QlubbRED, dus folgje ús foaral op de socials:

Instagram: qlubbred, Facebook: QlubRED

Hooplik oant gau!

Groetnis,

Bestjoer QlubbRED

Filmavond



Het filmseisoen in Reduzum is weer van start gegaan op 16 otober jl. In het lokaal achter de kerk werd deze keer de film Toscana gedraaid. Een Deense drama/ romantische film uit 2022.

Een leuke film, met weinig verrassingen, maar een heerlijke feelgood film met prachtige beelden van het Italiaanse Toscane, die zeker het bekijken waard is. Een goede keuze van de filmcommissie.

Wanneer de uitgebluste Deense sterrenchefkok Theo (Anders Mattheson) het bericht krijgt dat zijn vader is overleden, reist hij naar Toscane om diens restaurant en akkerland te verkopen. Maar eenmaal daar aangekomen blijkt dat niet zo gemakkelijk. Hij ontmoet Sophia (Christiana Dell'Anna), die al jaren op het landgoed werkt en hem inspireert en Theo vanuit zijn jeugdjaren kent. Ze probeert Theo op andere gedachten te brengen en geeft hem een andere kijk op het leven en de liefde. De film is redelijk voorspelbaar, maar wordt toch een vermakelijk romantisch verhaal. De twee ogenschijnlijke tegenpolen vinden elkaar in hun liefde voor eten. Een mooie ingetogen film en de passie voor kookkunst is luid en duidelijk aanwezig.

De filmcommissie had in stijl wat Italiaanse hapjes en drankjes meegenomen en het was weer een reuze gezellige avond. De volgende avonden dat er een film wordt gedraaid is op woensdag 15 januari en 26 maart in het lokaal achter de kerk. Welke film dan gedraaid zal worden, is nog een verrassing.

Dirk Vermeulen

Glêsfezelpraat

Eartiids skreaune minsken inoar in brief. No stjoere se meastal in appke of in mailtsje. Twa minsken yn ús doarp hawwe inoar fûn troch dy e-post. Wy wolle it de lêzers fan ús Linepraat net ûnthâlde, dêrom wat biten en brokken fan de digitale snelwei tusken Suderom en Ayttawei.



Hoi Koos,
Praat my net fan it tsieren en hakketearjen tusken it nije regear en de Twadde Keamer dat him yn De Haach allegearre ôfspilet. It is al wer mear as in jier lyn dat it lêste kabinet Rutte stroffele is. Sûnt dy tiid is der hielendal neat mear klearspile, wylst sawat alles yn ús lân speak rint.

Alle kabinetten yn it nije milennium hiene in grut tekoart oan lange termynfisy wêrtroch wy no troch krapte en oerskot yn ferskate spagaten reitsje. Krapte oan wenningen, personiel, ynfrastruktuer foar de stroomfoar-sjenning en altiten wer dat smoarge jild fansels. Tefolle oan stikstof, stront, migranten en neam mar op. En it regear ferbynt dy beide dan ek nochris oaninoar. Earst tocht ik noch dat it kabinet Schoof de krystdagen wol net helje soe, mar ik bin bang dat sels dat noch te optimistysk is. En at it falt, bart der wer neat. Do wurdst der raar fan ...

Wy sjogge op 't heden dêrom foar de ferdivedaasje mei nocht nei dy nije telefyzjesearje 'De Ring'. Goede akteurs en in nijsgjirrich skript. It docht bliken dat minsken faaks heimenissen foar inoar hawwe. Sis Koos, wit dyn eigen sydsulver eins wol alles fan dy?

Wat tinkst Menno,
Ik ha op dyn fraach wol efkes omkôge, omdat ik der noch noait goed oer neitocht hie. No kin ik wol sizze dat ik in iepen boek bin en dat liket my better as in sletten boek. Ik tink dat Minke it measte wol wit en wat se net wit sil ik hjir net ferklappe, mar wier ik leau dat ik neat te ferbergjen ha.

Ik sit wol oantangele mei wat oars. Ik bin in krantelêzer en de Ljouwerter Krante fan 1752 hie it de lêste wiken mar drok mei de Lelyline, omdat der nije berekkeningen wiene. Der binne trije farianten fan it spoar dat it Noarden mei de Rânestêd ferbine moat. It trajekt mei de measte reistiidwinst en reizgers soe 13,8 miljard kostje moatte.

Underhâldskosten binne dêryn net meirekkene, dy wurde rûsd op 125 oant 525 miljoen yn it jier. In knoarre jild! In protte minsken út de polityk en it bedriuwslibben binne foar de oanlis. Guon sizze sels dat dy line der al lang lizze moatten hie. Ek it kabinet Schoof hat yn it regearprogramma de Lelyline oanmurken as prioritêr projekt. It Europeesk Parlemint is ek foar it nije spoar yn kombinaasje mei de Nedersakseline (fan de stêd Grins nei Enskedé) foar in goed Europeesk spoarnetwurk.

Yn it koart smyt sa'n trein mei feart en faasje fan 200 kilometer de oere (kin dat wol?) it folgjende op: 55.000 oant 115.000 wenningen (boppe-op de 66.000 huzen dy't al foarsjoen wiene). Oan banen wurdt útgongen fan 30.000 oant 70.000 ekstra wurkplakken.

Der binne fansels ek in protte tsjinstanners. Ien fan dy minsken kaam in pear wike lyn oan it wurd yn 'e Ljouwerter. Dizze heechlearaar (67 jier) kuieret in protte troch de trije noardlike provinsjes, neidat er tweintich jier as planolooch yn Amsterdam wurke hat. Dizze kuierprofessor sei: "Troch ús fokus op groei binne we folslein ûntspoard. It lânskip is hjir (no noch) geweldich moai en ûnwierskynlik kostber. Dêrom gjin Lelyline, ferjit de wetterstofekonomy, de datasintra, de Eemshaven en gjin wenningen foar de Rânestêd. We moatte net it stopkontakt fan Nederlân wêze wolle. Us lân is plondere, we moatte dwaande wêze mei grutskalich 'herstel', net mei groei en toerisme." Sokke teksten bringe my op 'e doele. Twa dingen wit ik wol: it sil noch folle djoerder útpakke, lykas mei alle grutte ynfrastrukturele wurken en it duorret noch in hiel skoft. Hoe tinksto hjiroer Menno?

No Koos,
Do hast nochal wat tekst nedich dat ik sil it koart hâlde. Ik bin tige foar de natoer, mar lis net op ien line mei de kuierprofessor. Spoar is folle skjinner as fleane of autoride en hat de takomst. En dan moast net allinne sjen wat soks kostet mar boppe-al wat it opsmyt: it is in ynvestearring! Ik haw besocht út te finen wat de nammejouwer fan dizze nije line, Cornelis Lely, begrutte hie foar it ynpolderjen fan de Sudersee en wat it wier koste hat. Dy begrutting gong op it lêst wol tweintich kear oer de kop! It is net hielendal earlik fergelykjen om't it tiidrek fan plan oant opleverjen wol 80 jier besloech en Lely hat it sels net iens belibbe om ris oer de Ofslútdyk ride te kinnen.

Ik bin in grut fan fan Arjen Lubach. Wat kin hy presintearje, wat in timing hat dizze man en wat in geweldige redaksje hat syn programma. Ek de Lelyline kaam dêryn al ris foarby. Yn koart bestek kin Lubach fantastysk yngewikkelde saken werom bringe ta de kearn. En hy mijt de spagaten der't ús demokrasy stees faker yn rekket net! Bygelyks lêsten oer it demonstraasjerjocht hie hy sels de studio fol mei aksjefierders ... Wat fynsto fan Arjen?

Eins neat Menno,
Ik moat dy teloarstelle, ik ha neat mei Arjen. Fansels wit ik dat er begjin septimber wer úteinsette mei 'de waan fan 'e dei' op telefyzje. Ik sap der wol ris foarby, sjoch in flitske, mar dat is it dan ek. Hy hat (of hie) in moaie wenbuorkerij yn Aldhoarne en hâldt ein oktober op mei de 'De Avondshow' en ek by de VPRO. As dizze Linepraat útkomt hat er grif bekend makke dat er nei RTL giet.

Sneontemoarn 19 oktober sieten sa'n 60 minsken út de FIER doarpen (meast Redústers) yn it âld-molkbariek/frachtweinmuseum by Jouke en Gjetsje van der Werff. In pracht begjin fan ús teätergroep FIER om it nije stik 'De saak De Haan' te promoatsjen. Dêr wurdt ik waarm en bliid fan, aksje en ferdivedaasje yn ús eigen fermidden. Do wiest der ek Menno. Hiest itselde gefoel?

Hielendal Koos!
En dy aksje en ferdivedaasje ha wy mear as nedich yn dizze ûnhuerige tiden fan polarisaasjes rûnom en mei in regear dat ús aaklike besunigings boppe de holle slingerje lit dy't neffens my folslein averjochts wurkje sille. Der wurd ik ferskuorrend nuveraardich fan. Nee, dan meitsje Peter Sijbenga & konsorten my blier mei it op priemmen setten fan in moai iepenloftspul.

Foaral om't sy 'bûten de doaze' doare te tinken. Dat is harren wol tabetroud. Mei 'Animal Farm' as ynspiraasjeboarne dogge se de bistedokter grutte deugd fansels! In stik dat skiednis en aktualiteit troch bisten ferbine lit.

Faaks soenen wy allegearre mear 'bûten de doaze' tinke moatte. Sa lies ik yn de Ljouwerter dit wykein dat it Stedsk Gymnasium in tachtichjierrige konsjerzje hat dy't elk jier wer bytekenet, de Lelyline oerstallich wurdt fanwegen de selsridene taksys en at wy it wêzen fan it 'gewoane' kearngesin loslitte, dat dat in hiele protte swierrichheden oplosse sil. Oars as oars tinke wurdt it nije adagium Koos!

De dierenarts vertelt

Aan de haak geslagen
Vissers ruim je afval netjes op! Dachten we gelijk toen we op twee opeenvolgende dagen een hond en een kat tijdens de spoeddienst binnen kregen; beide verstrengeld in een vishaak.
Het haakje bij de hond leek maar heel oppervlakkig te zitten. Maar schijn bedriegt, want de haak had beet.... De hond moest onder narcose gebracht worden. Eerst werd geprobeerd het haakje door te knippen; maar wat een sterk metaal is dat! Het devies bij vishaakjes is om de haak door te duwen, zodat de weerhaakjes zich niet vastzetten. Maar bij dit driepotige haakje was dit niet mogelijk. Uiteindelijk moest er een chirurgisch sneetje gemaakt worden om de hond van zijn haak te bevrijden. Met een mooie hechting mocht hij weer naar huis.



De avond erna was het dus weer raak! Dit keer was al snel duidelijk dat de kat moest gaan slapen, de haak zat echt door de wang heen. Gelukkig ging het verwijderen vlot en werd ook deze dame wakker met een hechting in haar wang.

Meestal manifesteren bijzondere patiënten zich per drie, maar tot op heden heeft nummer drie zich nog niet gemeld. We denken dus dat de hengelaars naar onze oproep geluisterd hebben!

U ontvangt sinds jaar en dag deze dorpskrant elke maand gratis in de bus. Door oplopende kosten wordt dat steeds lastiger.

U kunt ons helpen met een vrijwillige bijdrage van €5,- door bijgaande QR-code te scannen of d.m.v. een overboeking naar bankrekeningnummer NL12RABO 035.62.52.612.

Bij voorbaat hartelijk dank!

(advertentie)

Multiservice Roorda

Multiservice Roorda, It Houtstek 1, 9008TW Reduzum. Tel: 06-81075917

Timmerwerk – Badkamers – Bestrating

Tribulet
Goud & Hout Atelier

- Trouwringen
- Inkoop Goud & Zilver
- Verkoop sieraden
- Reparatie Goud & Zilver
- Goudsmederij
- Houtbewerking
- Maatwerk in hout
- Restauratie Meubelen
- Klokken

Bezoek op afspraak

Dirk van der Goot
Haedstrjitte 28
9008 SR Reduzum

atelier.tribulet@gmail.com
0566-602670 of 06-30121738

Schildersbedrijf
Ronald Talsma

Noorderdwarsstraat 5
9001 BB Grou

Mob.: 06-20554214
E-mail: r.talsma71@icloud.com

Boekresinsje

Dizze kear in boekresinsje oer in berneboek dat geskikt is foar bern fan 2-5 jier.

Molly, Aukje & Jelmer
Catherine Rayner



Doe't ik it boek 'Molly, Aukje & Jelmer' seach, foel my daliks de leave foarkant fan it boek op, mei in prachtige print fan de trije bistefreonen: Molly de hazze, Aukje de ûle en Jelmer de foks, dêr't it boek oer giet. Dêrneist binne de blomkes en de namme fan de skriuwster mei rôze foly drukt, wêrtroch't it boek ekstra opfalt en yn 'e smaak falt.

It ferhaal spilet him ôf by de ikebeam efter yn 'e tún. Molly wol graach plakjekrûpe mei har freonen, mar dy ha dat noch noait dien en witte dus noch net sa goed hoe't dat spultsje moat. As Molly foar de earste kear fan 5 oant 1 teld hat, steane de oare bisten noch gewoan op harren plak, mei de hannen foar de eagen. As Molly útlein hat dat dat net de bedoeling fan it spultsje is, telt sy nochris. De ûle en de foks ha
harren no efter de ikebeam ferstoppe, mar dat fynt Molly fierste maklik en se seit dat sy harren better ferstopje moatte. Wannear't Molly wer teld hat, ha de bisten harren sa goed ferstoppe dat Molly se net mear fine kin. Se sjocht oeral, mar fynt gjin spoar fan har freonen. Soenen se ferdwaald wêze ...

Mocht je liever, of ook in het Nederlands willen voorlezen, kijk dan eens naar: *Haas, Uil & Vos spelen tikkertje, Haas, Uil & Vos spelen verstoppertje, Haas, Uil & Vos Rara waar denk ik aan?*

Wisten jim trouwens dat bern oant harren 18e jier fergees lid wurde kinne fan de biblioteek? Dêr binne boppesteande boeken ek te lien! Binne se jonger as 2 jier, dan krije sy by ynskriuwen ek noch in BoekStartkofferke mei boekjes en foarlêstips kado!

Marrit Tjalma
Lêskonsulent 0-6 jier en BoekStartcoach by BNF

Activiteitencommissie

Sopaksje foar Sinteklaasyntocht

Sneon 23 novimber komt Sinteklaas oan yn Reduzum.
Om ien en oar te bekostigjen hawwe wy ek dit jier wer in geweldige sopaksje!
Eigenmakke sop fan Soepie Soep!

Foar € 7,50 hawwe jo in liter (farsk ynferzen) sop. En mar leafst fjouwer soarten dêr't jo út kieze kinne:
Fryske mostersop, rjemmige fergetten grientesop, snert en gûlasjsop.
Bestelle kin oant 15 novimber troch in mailtjse te stjoeren nei:

activiteitencommissierdz@gmail.com

as in bryfke mei jo bestelling en namme yn te leverjen op Haedstrjitte 17, Reduzum.

Ophelje kin op freed 22 novimber by Café Bar de Welp tusken 18.00 en 20.00 oere.
Hjir kin kontant en fia de pin betelle wurde.

(advertentie)

Axon Fysiotherapie

Uw prikkel tot herstel

Praktijk voor onder andere:

- Fysiotherapie
- Manuele therapie
- Dry needling
- Fitness & revalidatie
- Behandeling na operatie (ook aan huis)

Bijzonder gespecialiseerd in behandeling van:

- Rugklachten
- Nekklachten
- Schouderklachten
- Hoofdpijn & duizeligheid
- Chronische pijnklachten

AXON FYSIOTHERAPIE

Locaties

Axon Fysiotherapie
Skoallestrjitte 11, Deinum

Gezondheidscentrum Nij Franjum
Franjumbuorsterpaed 10, Marsum

Gezondheidscentrum it Kleaster
It Kleaster 1, Wytgaard

Telefoon

(058) 254 22 83

Email

info@axonfysiodeinum.nl

www.axonfysiodeinum.nl





(advertentie)







Versmarkt on tour



Versmarkt giet wer on tour
Nei in prachtich simmerskoft op it pleintsje by Iel en Mear, geane wy wer on tour.
It earste útstapke is nei Eagum, foar in echte hjerstmerk mei lekkere priuwerijkes.
Snein 10 novimber fan 14.00 oant 16.30 oere binne wy wer by Aquavino oan de Master Wybrensdyk 4, Eagum by Hens Jansen en Monique van der Schuit. De merk is dêr binnen en bûten.



En wat is der te krijen op dizze merk?
Hens is der fansels mei lekkere wyn foar eltse gelegenheid. Rosee, read of wyt, drûch of swiet, Hens hat it allegearre.

Ale en Marjan pakke dizze kear it spul fan Iel en Mear yn en ferkeapje yn Eagum harren hearlike produkten.

De froulju fan Frederika komme del mei koeken, koeke en allerhande oare lekkernijen fan **Frederika's Taarten & sa**.

Shanika is ek wer fan de partij mei har hearlike tapparfums, en fansels kinst ek in ôfspraak meitsje foar in massaazje by **Massagepraktijk Shanika**.

En dan binne wy hiel bliid mei **Grietsje** fan **Op stâl Deco**. De kream fan Grietsje is altyd in kleurich en fleurich gehiel, troch de moaie blommen en planten dy't sy meinimt.

Dan ha wy in gast, dy't al ris earder mei syn moaie wurk op de markt west hat: **Sibbele de Vries**.
Sibbele makket prachtige keunstwurkjes op hout, mar makket ek op bestelling as jim spesjale winsken ha.

En dan stiet **Lucy** fansels ek op dizze Versmarkt. Se stiet foar de doar, jim kinne har net misse mei har tsiismobyl. Se snijt graach in lekker stikje tsiis foar jim ôf.

Thedo en Alies ha jim miskien de lêste kear op de Versmarkt al troffen, Thedo makket lekkere woarst, sawol drûge as grillwoarst.
Fierders binne wy noch mei in pear ûndernimmers yn petear, sjoch op de facebookpagina Versmarkt Reduzum foar it lêste nijs of op de doarpssite Reduzum.com.
Der kin dus wat preaun wurde, mar ek yn Eagum stiet de kofje en de tee klear, en dit is ek noch fergees!
Sjogge wy jim dêr?

Krystfair

Save the date:
Op snein 15 desimber organisearje de ûndernimmers fan de Trije Romers wer in krystfair, dêr't jim ek alle ûndernimmers fan de versmarkt fine kinne.
Dizze fair sil hâlden wurde yn de loads fan Jouke en Gjetsje van der Werff oan de Ayttawei.

(advertentie)

MASSAGEPRAKTIJK Shanika BIJZONDER IN WELLNESS

Massagepraktijk Shanika

Meerkoetweg 50 8446 JZ Heerenveen

06-53194824

info@massagepraktijkshanika.nl

www.massagepraktijkshanika.nl

Facebook.com/Massagepraktijk.Shanika

Voetreflex: drukpuntmassage om orgaanklachten te behandelen.

Vriendinnen uitje: massagebehandeling met high tea, high wine of diner bij `t Gerecht.

Tapparfum: parfum tegen een eerlijke prijs.

Pinnen is mogelijk



Boonstra RioolService

Wij lossen elke verstopping op en meer :

* Cameraonderzoek
* Stankonderzoek
* Herstelwerkzaamheden
* Alle bijkomende werkzaamheden

Afvoer problemen ? Bel Boonstra !!

06 22 49 88 24

www.Boonstra-RioolService.nl

Douwemastrjitte 7 9011VN Jirnsum / Haedstrjitte 12 9008SP Reduzum

Uw woning laten schilderen ?

VAN DER HEIDE
Schilders Wirdum

Schilderwerk Beglazingen en Wandafwerking

Johannes van der Heide 06 - 21 89 54 88



Lekker lokaal

Alle moannen in resept mei as haadyngrediïnt in produkt út de trije doarpen.

Geitetsiis slaad mei huning.
Yngrediïnten foar 1 persoan:

simmerhuning fan de famylje Bergsma út Reduzum
6 plakjes geitetsiis
mingde slaad
3 plakken komkommer
4 cherrytomaten
walnuten
piper en sâlt

Dressing:
3 yl. olive-oalje
2 yl. moster
1 yl. huning

De huning fan de famylje Bergsma is kâldslingere huning en past hiel goed by de geitetsiis.

Lêsten wie ik dwaande mei it klearmeitsjen fan dit resept. It slaad lei al op it board en de oven stie al oan. Allinnich de geitetsiis mei huning moast noch yn de oven. Ik ha trije keer troch de kuolkast west, mar gjin geitetsiis te finen. Fergetten te keapjen. Koartsein... de oven koe wol wer út.

Klearmeitsje

1. **Set de oven (ûne) oan op 180 graden (hjitteluchtoven). Meitsje in dressing troch de olive-oalje, moster en huning te mingen.**
2. **Snij de tomaten troch de helte.**
3. **Snij fan 3 plakken komkommer lytse blokjes.**
4. **Lis it mingde slaad op in board en ferdiel dêr de tomaten, komkommer, walnuten en dressing oerhinne.**
5. **Bring op smaak mei piper en sâlt.**
6. **Lis in stik bakpapier op in bakplaat en lis dêr de plakken geitetsiis op.**
7. **Doch op elk plakje geitetsiis in teeleppel huning en set de bakplaat 2-5 minuten yn it midden fan de oven.**
8. **Helje de geitetsiis út de oven en lis it op it slaad.**
9. **Servearje mei bôle of pasta.**

Lekker ite





Nijs fan ‘e Trije Doarpen Skoalle

Met veel plezier dragen we weer bij aan de nieuwe editie van de Linepraat. Tot aan de herfstvakantie hebben wij weer volop mooie momenten met elkaar mogen beleven en deze delen we dan ook maar wat graag met jullie. Want hoe staat het bijvoorbeeld met het nieuwe schoolplein? En wat hebben de kinderen uit de midden- en bovenbouw zoal met elkaar beleefd? Het antwoord leest u hier in alweer de derde bijdrage van dit schooljaar aan onze mooie dorpskrant!

Graach oant sjen by ús op skoalle!

Schoon Belonen!

Vanaf dit schooljaar doet onze school mee aan het programma 'Schoon Belonen'. Dit houdt in dat iedere maand een groep van onze school een uur lang het dorp ingaat om zwerfafval te verzamelen. Op woensdag 9 oktober beet groep 8 de spits af (misschien heeft u ze, samen met meester Jildert en een aantal ouders, wel zien lopen) en afwisselend met de groepen 6 en 7 zorgen zij er maandelijks voor dat Reduzum het schoonste dorp van Fryslân blijft!



Door deelname aan 'Schoon Belonen' houden we Reduzum schoon en verdient de school een zakcentje. Het is de bedoeling dat de Ouderraad de opbrengsten voor de activiteiten zal gaan gebruiken. Enerzijds leren we de kinderen dus verantwoordelijkheid voor hun leefomgeving te nemen en anderzijds krijgen de kinderen, via de activiteiten die voor hen worden georganiseerd, er iets voor terug. Een mooi stukje win-win en een geweldig initiatief wat ons betreft!

Jierdeis - Verjaardagen - Birthdays

Lokwinske aan de jarigen van november and we wish you a happy birthday!

4 Jarno
8 Ilva
12 Kije
13 Juf Famke & Juf Jildou
14 Tom
16 Fardau Annah
19 Niels & Meester Ties
22 Maud



BBQ-passy fan master Mark en heit Jelmer liedt ta in geselliche middei foar groep 4/ 5!



Op woansdei 25 septimber hie groep 4/5 in prachtiche middei by Jitske thús. Om’t master Mark en Jitske har heit Jelmer graach ris de barbekjû oan hawwe (en hja dit oaninoar ferteld hiene), ûntstie it idee om in geselliche middei foar de bern te organisearjen. Der wie dizze middei gjin ‘nee’ te keap. De bern mochten sels harren hamburger meitsje en koene mar om raak boartsje.

Fia dizze wei sizze de bern, master Mark, juf Famke en juf Hillie nochris tige tank oan Jelmer, Lisa en Jurjen foar de organisaasje. Geweldich dat dit sa koe en mocht!



Nijs fan ‘e Trije Doarpen Skoalle



Projectmaand maart 2025 | Hulp gezocht!

Ieder schooljaar vindt in maart de projectmaand plaats. Dit jaar is het thema ‘Keunst & Kultuer’. Het lijkt ons prachtig om hier Reduzum en de omliggende dorpen bij te betrekken. Hoe mooi zou het namelijk zijn dat we met elkaar onze kinderen meer over kunst en cultuur uit hun leefomgeving kunnen leren en dat we dit afsluiten met een ‘levende’ kunstroute door Reduzum?

Kortom: bent u of kent u iemand die met betrekking tot bovenstaande ons mee kan/wil helpen? Kom dan even bij ons langs of stuur een berichtje naar meester Arnold (abouwmeester@proloog.nl). Tige tank!

Lokwinske, QlubbRED!

QlubbRED bestiet alwer fiif jier. Op skoalle hearre wy regelmjittich moaie ferhalen fan ús bern út ‘e boppebou oer de leuke aktiviteiten dy’t hja organisearje. Fia dizze wei dan ek in ‘fan herte lokwinske’ fan de bern, masters en juffen fan ‘e TDS oan QlubbRED!

Schoolplein

Het nieuwe schoolplein krijgt geweldig mooi vorm. Steeds meer elementen worden onder leiding van de bevlogen ‘Skoallepleinkommisje’ aangebracht en we kunnen niet wachten tot het moment waarop het plein helemaal klaar zal zijn.

Bij de aanleg kunnen we op heel veel helpende handen rekenen. Zo waren er bij de ‘Tegelwipactie’ op 27 september zo'n 50 ouders, kinderen, meesters, juffen en andere superhulpen uit het dorp aanwezig. Daarnaast wordt er elk weekend, in samenwerking met een aantal ondernemers uit het dorp, hard gewerkt om alles klaar te krijgen. Via deze weg willen we al deze mensen ontzettend bedanken voor alle hulp!







Nieuw in groep 4/5:

Als wij kijken naar voor de zomer zijn veel dingen nog hetzelfde gebleven. Juf Famke is nog steeds onze juf en meester Mark is (voor een aantal) weer onze meester. Maar er zijn ook veel dingen veranderd, namelijk:

-Groep 5 heeft nu rekenen op de computer en niet meer in het werkboek.
-Alle kinderen hebben dit jaar op vrijdagmiddag crea.
-Dit jaar heeft groep 5 voor het eerst les over tijdzaken, wereldzaken en natuurzaken, ook wel bekend als geschiedenis, aardrijkskunde en biologie.
-We zitten nu in een ander klaslokaal. Wanneer je het plein oploopt zie je ons zitten.
-Groep 4 heeft geen veilig leren lezen meer, maar spelling en taal.
-Groep 5 maakt nu spelling in het werkboek en niet meer op de computer.
-Groep 5 heeft nu gvo, dit betekent godsdienstig vormingsonderwijs.



Groep 6/7 is wer los!

Knutselje:
Knutselje dogge wy op freed. Wy krije dêr ek help by fan heiten, memmen, pakes en beppes. Wolle jimme ek in kear helpe? Dat soene wy hiel leuk fine!

Wy binne groep 6/7 fan de Trije Doarpen Skoalle yn Reduzum. Groep 6 hat de hiele wike les fan master Arnold. Op woansdei jout juf Famke les oan dy groep. Yn groep 7 jout juf Jildou op moandei oant woansdei les. Sy rint har einstage by ús. Op tongersdei en freed sit groep 7 by groep 6 yn it lokaal en krije sy les fan master Arnold, dy't dêrby troch juf Jetty holpen wurdt.

Dit binne wy!



Gym:
Ek gymme dogge wy hiel graach. Op moandei en freed binne wy yn'e gym-seal te finen.

Streetwise:
De ANWB hat ek by ús op skoalle west. Hja ha de bern fan alle groepen wat leart oer it ferkear. It wie in hiele leuke en learsume moarn!

Wetter-Projekt:
Ek docht groep 6/7 noch mei oan in projekt wetter. Hja meitsje mei dingen út 'e natuer musyk. Hiel leuk!







HELPE JO EK MEI?!

MELD JO OAN!

Wurd fia de QR-koade lid fan 'e WhatsApp-Oprop-Groep foar de oanlis fan it nije skoalleplein!

Yn it sintsje!

Troch it skoallejier hinne kinne wy op in protte help rekkenje. Tink bygelyks oan alle help by de oanlis fan ús nije skoalleplein. Mar ek de ferskate âlderkommisjes dy't ús skoalle ryk is, steane op geweldiche wiize foar ús klear. Gjin helpfraach is te gek foar ús âlders, fersoarchers, pake's, beppe's en oare belutsenen út Reduzum en omkriten. 'Mei Elkoar Wiis & Wiis Mei Elkoar' meitsje wy eltse dei wer de skoalle foar eltsenien ta in waarm en fertroud plak. Fia dizze wei wolle wy dan ek graach dizze minsken yn it sintsje sette. Tige, mar dan ek tige tank allegearre!

Kinderboekenweek 2024!

‘Lekker Eigenwijs!’

De Kinderboekenweek zit er weer op! Het thema was dit jaar ‘Lekker Eigenwijs’ en met veel plezier hebben we op school leuke en leerzame activiteiten binnen het thema met elkaar beleefd.

Tijdens de feestelijke opening was meester Sytse bij ons. Meester Sytse was tot en met afgelopen schooljaar onze cultuurcoördinator vanuit Kunstkade, maar door het succes van zijn dichtbundel moest hij besluiten om bij ons te stoppen met werken. Tijdens de opening heeft hij meer verteld over zijn werk. Zo schrijft hij naast gedichten ook (kinder)boeken en daarom heeft hij ons uit zijn boek 'Wapper' voorgelezen. Met veel plezier hebben we met elkaar naar het verhaal over het 'lekker eigenwijze' vogeltje zitten luisteren en na afloop was er nog volop de gelegenheid om vragen aan meester Sytse te stellen. Fijn dat je er was, meester Sytse!









Talenten in groep 7:



Het thema van de Kinderboekenweek was ‘Lekker Eigenwijs!’ Als je eigenwijs bent, doe je soms dingen op je eigen manier, anders dan anderen. Dat is goed want zo leer je nieuwe dingen over jezelf en over je eigen talenten. Waar is groep 7 goed in en wat is ieders talent?

Gerbrich: Ik heb een talent voor korfballen en rommel maken.
Tom: Korfballen is mijn talent, want een teamsport vind ik leuk.
Jesse Brand: Mijn talent is gamen omdat ik dat leuk vind.
Jelmer: Mijn talent is korfballen, ik kan dat goed en ik scoor vaak.
Jort: Thuis heb ik een mountainbike en daar fiets ik graag op, hier heb ik talent voor.
Daniël: Gamen doe ik veel, hier vind ik dat ik talent voor.
Ilva: Verhalen schrijven vind ik leuk om te doen, mijn talent is verhalen schrijven.
Jelke: Ik ben goed in dansen, hier heb ik talent voor.
Jarno: Ik heb een talent voor zeuren en voor voetballen.
Fenna: Ik vind dat ik goed ben in korfballen en knutselen, dit is mijn talent.
Marrit: Ik vind skateboarden heel erg leuk, dit is dan ook mijn talent.
Ruben: Ik kan heel goed zwemmen. Ik heb zes diploma's!
Pieter: Ik kan goed op de shovel rijden. Dan ruim ik thuis de kuilpakken op.
Arany: Sophia vindt dat Arany erg goed in gymnastiek is!*

*Arany was bij het maken van de Linepraat helaas ziek. Daarom vroegen we haar zus Sophia eventjes.

Thema's in groep 8!

Wisten jo dat? | Wist u dat? | Did you know that?

In groep 8 hebben we in de eerste maanden van het schooljaar gewerkt aan twee thema’s: ‘Nederland Waterland’ en ‘De wereld aan je voeten’. Het eerste thema gaat over de strijd van Nederland met en tegen het water. Het tweede thema gaat over de jaren 1500 en 1600. Hierbij leerden we over de drukkunst van boeken en kaarten, het belang daarvan en over hoe de wereld steeds verder ontdekt werd. We hebben zoveel mogelijk leuke feitjes verzameld die hier te lezen zijn!

Aukje en Kije:
Wisten jo dat...
- Sineesen de boekdrukkeunst offiseel útfûn hawwe?
- Dat yn Wergea in mar is drûchmeald?
- Bartolomeu Dias de Kaap by Súd-Arika ûndutsen hat?

Ids en Leo:
Wist u dat...
- Columbus Amerika heeft ontdekt en dacht dat hij in India was?
- De WIC bestond en in slaven mocht handelen?
- Bontekoe echt heeft bestaan, er een film over is gemaakt en het schip ook echt is ontploft?

Juanita en Imke:
Did you know that...
- Jan Pieter Coen from the VOC murdered a whole population from 5 thousand people. Only thousand survived. This gave him the name ‘slaughter from Banda’.
- The succes of the VOC tasted like more. In 1621 they made the West India Company called the WIC.
- European sea member buyed al sorts of stuff and resources like tea, salt and pepper.

Simme en Sybe:
Wisten jo dat...
- Der in boek is fan de famylje Blaeu, dy’t hjit de Atlas Maior. It is hiel lúks en detaillearre.
- Kolumbus giet yn 1493 mei 17 skippen nei it westen en leit oan op de eilannen Puerto Rico, Dominica en Guadeloupe.
- Springtij ûntsiet troch dat de sinne en de moanne yn in rjochte line stean en oan it wetter lûkt.

Sophia, Hiske en Ymkje:
Did you know that...
- Christoffel Columbus thought he was in India but he was in America.
- Willem Barentsz would like to go to India fiat he North but it was too cold to sail furder.
- The Beemster lake (1612) was pumped away with 43 windmills.

Frâns en Margriet:
Wisten jo dat...
- Ferdinand Magellaan tocht dat er in hiel rûntsje om’e ierde hinne farre koe. Dat is hem net slagge omdat hie ûnderweis ferstoar.
- Johannes Gütenberg hat de drukpers fan de Sineesen ferbettere.
- De reisen fan Kristoffel Kolumbus duorren soms wol twa moannen

Jelke en Fetsje:
Wisten jo dat...
- Famylje Blaeu twa printerijen hie mar ien derfân is ôfbaarnd.
- Willem Barentsz oer it Noarden nei Yndia soe, mar kaam yn Ruslân yn de problemen. Hy wenne in heal jier op de eilannen der.

It stikje fan Koos

Kuorbalje by Stânfries ein sechstiger jierren

